

[0147] KOMT DE *LACERTA VIRIDIS* FOAR YN FRYSLAN?

De Hollânske skoalle yn Fryslân forkringt op it mêd fan de diere- en plantewrâld gâns eigen-Fryske nammen. It is in bêst ding, dat de lêsten sa folle as dwaenlik optekene en troch de Frysk-Hollânske skoalle wer ûnder de bern brocht wurde. By de dieren stride b.g. de *tuorre* en de *gêrskrûper* mei “de tor” en „de hagedis”. Oars as “de tor” hat “de hagedis” it der ôfrêdden en kom yn

de Fryske wurdboeken, sawol yn Waling-om sines as yn it *Frysk Wurdboek* (1952-'56). Dêrnjonken fine wy yn beide wurken ek neamd de *gêrskrûper*, dy't yn it Hollânsk „groene hagedis” neamd wurde soe. Nou komt de „groene hagedis” allinne mar foar yn Mid- en Súd-Jerope en earlik sein wol it my mar min oan, dat it Frysk in aparte namme ha soe foar dy útlânske fariëteit, wylst it oan aparte nammen foar de trije yn Nederlân foarkommende soarten net iens takomt. Hjir is hwat mis en ik leau, dat it forsin bigjint by Dykstra, as er as Latynske namme fan de „groene hagedis” ûnder *gêrs-krûper* opjowt *lacerta agilis*, hwant dat is de namme fan hwat almeast yn it Hollânsk “de gewone hagedis”, ek wol “duinhagedis” neamd wurdt. De griene soarte hjit yn it Latyn fan *lacerta viridis*. It is klear, dat dat *lacerta agilis* wol op syn plak west hat, mar dat mei *gêrskrûper* oars net bidoeld west hawwe kin as hwat yn't Hollânsk *hagedis* hjit. Wy fine dêr yn it Moaringer Noardfrysk in moaije parallel fan yn *gjarsglüper*, dat V. Tams Jörgensen yn syn Frasch-tjüsch-dånsch uurdebök (1955) jowt ûnder *gjars*. Wy kinne de bineaming *hagedis* foar it dier dus rêstich skrasse út it Fryske wurdboek en hâlde foar froulju mei mûltsjes as *haechskjirkes*, “vinnige meisjes”, sa't de wurdboeken sizze.

T. H.